

OP KENINGSLJEPPERIJ 1961 YN WINSUM: Jongeskampioen G. Valkema ljept in jellen fierder as kening J. Wijnia

Ljeppersfeest duorre it measte folk sahwat in goed ûre to lang

De greate ljeppersdei hat west, de spanning is brutsen: Jan Wijnia fan Wurdum is sneon op it ljeppersfeest yn Winsum foar de tredde kear efter elkoar ljepperskening fan Fryslân wurden. By de jonges sloech Gerrit Valkema fan De Jouwer foar master op en by de froulju Hiske Penninga fan Sint Anne foar masterske. Der meije mear ljeppers, droege en wiete springers, mei eare neamd wurde, lykas I. Woudwijk fan Froubuorren („Tolve jier en dan sawn meter fjouwerentachtich!” sei „commentator” master P. Hiemstra mei great ûntsach) en R. Wijnia fan Wurdum (64!), dy't 7.51 meter sprong, mar it krekt net droech hâlde koe.

Boppe de spits fan de Winsumer toer waeide sneontomiddei de Fryske flagge folút, as tsjúge fan it greate barren yn it doarp: Fryske manlju en froulju stiene klear om, mei de Sint Jabik as striidperk, alle krêften yn to spannen foar de heechste ljeppersgloarje. Op'e tribunes oan wearskanten fan de Sint Jabik, op lânbouweinen en op banken siet it folk, Frysk folk en gasten fan fierrens, ré om gol eare to jaen oan hwa't eare takomme soe en ré mei kleare wille om hwa't it net helle en to wetter gie.

Om goed twa ûre waerd it stil yn en om de ljeppersarena. Lieder Sj. Span fan Stiens hiet alle minsken wolkom en joech it sein om de striid to bigjinnen, master Hiemstra siet klear foar syn kommentaar, twa man stoarmen op de beide polsen ta en dúkten beide, as wie it ôfpraet, it kouwedrinken yn. Dat wie it bigjin fan in (to) lange middei oan de Sint Jabik, dy't sahwat oan it kampioensljeppen sels ta fol spanning wie. Spanning by de prestaesjes fan masterljeppers as G. Valkema, Pyt Zwart út Wergea, R. Wartena út Grou en oare forneamde mannen, mar ek spanning by ljeppers mei minder namme: „Sil er it droech hâlde?”

Mar doe't it oan de kampioensljepperij ta wie, wie de spanning der út. In great part fan it folk gie, nei dik trije ûren ljeppen, nei hús. Né, spanning wie der net folle mear by de kampioensljepperij, dy't ek nochal hwat rommelich forroun. It hat wol wer bliken dien, dat de ljepperij de minske net langer as in pear ûren boeije kin. It hie om goed fiif ûre dien wêze moatten, sa't de adfortinsjes it tasein hiene.

In fraech, dy't mannichien út it publyk himsels en oaren stelde wie: „Hat dy kampioensspringerij oan de ein fan sa'n lange middei wol sin, as de fierste sprong fan dêrfoar dochs jildt?” Yn dit forbân waerd dan de namme fan Hiske Penninga neamd, dy't wol fortsjinne kampioene to wurden, mar it by de kampioensljepperij net sa bêst makke: beide kearen in wiete kroun. Net ien fan de oare famkes forbettere har prestaesjes fan earder op'e

middei, sadat Hiske kampioene waerd.

De jongeskampioen Valkema springt krapoan in jellen fierder as de Fryske ljepperskening Wijnia. Wijnia, dy't by it springen yn syn eigen groep slein waerd en net fierder kaem as 11,04 meter, ljepte, doe't er syn titel fordigenje moast, 11,60 meter. Gerrit Valkema (12,76 meter yn Bitgum!) die it nou hwat kalmer oan en makke — flinke jint, in forskuorrend hurde oanrin en in klim der't de pols fan bûgde — nou 12,17 en 12,22. De jonges oant fyftjin jier hawwe by it ljeppen om it masterskip fansels net folle yn to bringen, mar meije dochs meidwaen by de „junioeren” (hoewol: de sprong fan Jelle Sjoerdsma fan Grou fan 10,75 by it kampioensljeppen wie better as dy fan gâns âlderen tusken 16 en 30!). Faeks kin der takomme jier foar dizze jonges, dy't mei gloede en ynmoed ljeppe en it foar har jierren tige goed dogge, in eigen masterskip weilein wurde?

Dat der yn it lêst fan de kriich net safolle spanning siet, koene de organisatoaren net foar. Hja hawwe har bêst dien, om dizze wedstriid sa goed mooglik forrinne to litten en men koe merklike, dat hja wol de les lutsen ha út de ljeppersfeesten fan '59 en '60. Der waerd nou mar op twa „banen” sprongen en dertroch waerd de arena gâns oersichteliker. De greatste forbettering wiene wol de rêchnûmers: eltsenien wist nou fuortendaliks hwa't der oersaeide of der yn dúkte. En dan fansels: it waer. Wylt it yn it easten fan Fryslân spjelde, skynde yn Winsum de sinne en it makke dizze kampioenswedstriid fan it Frysk Ljeppers Boun ta in feest foar ljeppers, publyk en net yn it lêste plak foar de foto- en televisylju.

Hichtepunt wie fansels it moment dat de kommissaris fan de keninginne, mr. H. P. Linthorst Homan, de trije kampioenen, dy't yn mânske kransen boppe op it bankje stiene, de kampioensmedaljes en bekere oerlange. Mar foar it greatste part fan it publyk wie dit offisjele der mar op ta. Hja hiene har niget al hawn oan de grammitige troanjes fan de ljeppers, dy't it krekt net hel-

je koene, de gebearten fan de man, dy't mei beide earmen syn pols omklamme („as wie dat in jongfaem”, sei master Hiemstra) en it wetter yn dúkte, fan de ljeppers, dy't it mear yn'e langte fan de feart as yn de breedte sochten en moai fan styl mei in knappe heakse bocht yn'e plomp bilânnen, of fan de man, dy't „in retoerke naem” en op de kade werom plofte....

Nei it priisútrikken op de kade kamen de measte ljeppers gear op'e boppeseal fan Sipma, dêr't de oare prizen útrikt waerden. Yn'e kantine fan Miedema koene de minsken, dy't fan it ljeppersboun útneoge wiene, noch efkes noflik sitte. De loko-boargemaster fan Amsterdam, mr. F. H. C. van Wijck, hat dêr it ljeppersboun tanke foar dizze gelegenheit om mei Friezen, Fryslân en it Fryske folkslibben yn neijer kontakt to kommen.

De tsien bêste ljeppers fan sneontomiddei geane de kommende sneon nei Stolwijk yn Súd-Hollân. Der sille se, sa dielde de hear Span oan de ein fan 'e middei mei, har krêften mjitte mei ljeppers út oare parten fan it lân.

De útslach fan de greatste ljeppersmiddei fan it jier, dy't ek nou wer hûnderten en hûnderten minsken yn Winsum gear brocht, yn de ûnderskate groepen wie:

Jonges oant 15 jier 1. S. Elzinga, Readtsjerk, 10.21; 2. S. van der Ploeg, Froubuorren, 9.99; 3. Jelle Sjoerdsma, Grou, 9.96.


Jonges 16—18 jier 1. G. Valkema, De Jouwer, 12.22; 2. H. Noordstra, Oentsjerk, 11.64; 3. R. B. Span, Stiens 11.58.

Manlju 19—30 jier 1. P. Zwart, Wergea, 11.46; 2. R. Wartena, Grou, 11.41; 3. H. Bakker, Wânswert, 11.38; 4. Tj. Idzarda, Froubuorren, 11.31; 5. Kl. Dijkstra, Mounen, 11.20; 6. D. Jullens, Gytsjerk, 11.15; 7. J. Wijnia, Wurdum, 11.04.

Manlju 31—40 jier 1. G. Jonker, Grou, 10.90; 2. W. S. Abma, Idskenhuzen, 10.88; 3. Jan Sjoerdsma, Grou, 10.66 (nei oerspringen tsjin G. Gosma, Gytsjerk, dy't ek 10.66 makke)

Manlju 41 jier en âlder 1. J. R. Faber, Froubuorren, 9.61; 2. F. Ozinga, Drachten, 9.44; 3. S. Woudstra, Aldtsjerk, 8.80.

Froulju 1. H. Penninga, Sint Anne, 10.39; 2. A. Leenstra, Grou, 9.09; 3. S. Scharringa, Wjelsryp, 8.64.



De âldste ljepper wie R. Wijnia (64) fan Wurdum. Hy koe it net hielendal droech hâlde, mar syn ljeppen kin noch bisjen lije.